
Riedsgearkomste	:	31 maaie 2018
Underwerp	:	Inisjatyfútstel
Agindapunt	:	Berneboargemaster
Portefúlgehâlder	:	Mw. B. Tol (Jeugd)

Untwerp beslút	:	<ol style="list-style-type: none">1. Mei yngong fan it skoaljier 2018-2019 in berneboargemaster oan te stellen neffens de omskriuwing sa as dy yn it útstel jûn wurdt.2. Dêrnei yn maaie 2019 it projekt te evaluearjen en te besluten of der jierliks in nije berneboargemaster keazen wurde kin.3. In budzjet fan € 5000,00 beskikber te stellen út ‘eenmalig onvoorzien’, om de kosten fan dit edukative projekt te dekken.4. It kolleezje te freegjen de útfiering foar har rekken te nimmen en it útstel fierder út te wurkjen.
-----------------------	---	---

Koarte ynhâld	:	Wy binne Waadhoeke! We sjogge al in protte bern yn de kommunikaasje-uteringen fan gemeente Waadhoeke (‘huisstijl’). Mei dit útstel litte we as rie fan Waadhoeke sjen dat we se ek in stim jouwe!
----------------------	---	---

Oanlieding

Yn de gemeente Waadhoeke binne we op it stuit dwaande om jongerein, dy’t al aktyf wienen as Jongerein Advysrie yn de eardere gemeente Frjentsjerteradiel, ek in moaie rol ta te bedielen yn ús nije gemeente. Ommers: nije grinzen, nije kânsen. Foar bern oant ‘e mei 12 jier binne noch gjin inisjativen om harren te belûken by de gemeentepolityk. Yn oare gemeenten sjogge jo dat bern op in boartlike wize leard wurdt hoe’t in gemeentebestjoer yn inoar sit. En faaks komt dat troch dat der in berneboargemaster ynsteld wurdt as in ambassadeur foar bernesaken.

Om’t we no ek op syk binne nei ús earste boargemaster fan gemeente Waadhoeke en dy’t op 31 oktober 2018 beneame wolle, is it fansels in prachtich momint om dan ek in earste berneboargemaster te beneamen. Derneist is it doel dat we bern sa op jonge leeftyd al ynteressearre foar de gemeente en it gemeentebestjoer. En sa kinne se letter ek makliker troch nei de Jongereinrie/Jongerein Advysrie (is dus noch yn opbou).

Beëge resultaat

Bern fan basisskoallen op in boartlike wize yn ‘e kunde komme litte mei de gemeente.

Arguminten

1. Wat docht in berneboargemaster?

De berneboargemaster kin yn de gemeente mei de ‘echte’ boargemaster meigean nei bysûndere gearkomsten, sa as de nijjiersgearsit, Keningsdei, yntocht fan Sinteklaas, deadebetinksten ensafuorthinne. Dêrneist hat de berneboargemaster harren eigen bûsboekje, bygelyks in wurkbesite oan in skoalle yn Waadhoeke (of de Weekendschool Franeker), of oan in organisaasje of ynstânsje dy’t harren mei jeugdsaken dwaande hâldt.

2. Klassebesites nei gemeentehûs

Bern út groep 7 of 8 fan basisskoallen soenen in ekskurzje meitsje moatte kinne nei it gemeentehûs. En fia spultsjes¹ yn ‘e kunde komme kinne hoe’t alles wurket by de gemeente.

¹ Spultjes bygelyks “Democracity” sjoch: [https://www.prodemos.nl/voor-scholen/voor-basisscholen/democracity-interactief-spel-op-gemeentehuis/](https://www.prodemos.nl/voor-scholen/voor-basisscholen/democracity- interactief-spel-op-gemeentehuis/)

3. Lanlike berneboargemasterdei

Heal oktober wurdt der faak in lanlike dei organisearre foar berneboargemasters troch it “Nederlânsk genoatskip fan Boargemasters”. Yn 2017 kamen 20 bernegoargemasters byinoar om te praten oer harren taak. De fraach dêr’t se doe mei oan de slach giene wie wêrom it sa wichtich is dat bern harren stim hearre litte en folwoeksenen harkje moatte nei de ideeën fan de bern. Mear hjiroer op: <https://www.burgemeesters.nl/kinderburgemeesters>. Bygelyks soenen wy ús berneboargemaster hjir ek nei ta gean litte kinne.

4. Oanstelling

Foar it beneamen fan in berneboargemaster sil der foar de simmerfakânsje fan 2018 in oprop dien wurde moatte by de basisskoallen yn 'e gemeente Waadhoeke. Bern út groep 7 of 8 (dan noch 6 en 7) kinne ‘sollisitearje’ nei it berneboargemasterskip. Dit soe fia de webside fan de gemeente kinne moatte. Dêrnei wurde der sa’n 10 bern útnoege op in dei yn oktober dy’t in presintaasje jaan kinne oan in berneboargemasterkommisje² wêrom’t se it wurde wolle en wat in spearpunt foar harren is. Dy komisje makket in seleksje fan de trije bêsten. Dy trije meie dan fierders op deselde dei nochris in presintaasje jaan bygelyks mei in opdracht. Dernei folget drekst it beslút. De berneboargemaster kin dan nei de hjerstfakânsje en tagelyk mei de nije boargemaster oansteld wurde. Op skoallen soe yn de moanne septimber oan de hân fan in lespakket³ útlein wurde kinne wat in berneboargemaster docht. Riedsleden kinne belutsen wurde en bygelyks foarôfgeand oan de beneaming in gastkolleezje jaan. Dit proses wurdt elts jier werhelle. De oanstelling is hieltyd foar in jier.

5. Begelieding

Faaks kin de berneboargemaster mei de eigen boargemaster mei. Derneist soe út de earder neamde komisje ek ien of mear riedsleden beneamd wurde kinne dy’t de berneboargemaster begeliede kinne/wolle (net allinnich yn teory mar ek yn de praktyk).

Kanttekeningen

De meiwurking fan skoallen is winsklik en it tiidpaad kin foar de organisaasje it earste jier miskien wat oan de krappe kant wêze.

Finansjele konsekwiensjes

Yn it earste jier € 5000,00 om alles op te starten. Fierder is der jild nedich foar de kommunikaasje en mooglik foar de organisaasje rûnom de oanstelling en dêrnei (tink oan represintaasjekosten). En fansels moat der dan ek in moaie ketting komme foar de berneboargemaster (ien dêr’t ek alle nammen foar eventuele opfolgers op kinne) en bygelyks in ôfskiedskado⁴. Nei de evaluaasje en foar in ferfolch kinne we it jierlikse budzjet op ‘e nij fêststelle.

Kommunikaasje

Op de webside soe in pagina komme moatte mei alle ynformaasje, bygelyks romte foar in flogje en/of dêr’t bern reaksjes efter litte kinne foar de berneboargemaster. En ek saken dy’t delhelle wurde kinne foar gebrûk op skoalle. Dêrneist sille alle basisskoallen yn de gemeente Waadhoeke wol oanskreaun wurde moatte.

Utfiering

Om dit útstel te boarchjen it kolleezje te freegjen de útfiering foar har rekken te nimmen en dit útstel fierder út te wurkjen.

Frijentsjer, maaie 2018

Namme: G. Iedema-Zondervan – FNP Waadhoeke



² **Berneboargemasterkommisje** - kin gearstald wurde út bygelyks 6 riedsleden dy’t jeugd yn portefúlje hawwe

³ **Lespakket** - Yn de gemeente Ede hat men it lespakket “Lokale demokrasy” brûkt. En ek Prodemos hat lesmateriaal foar basisskoallen. Sjoch: <https://www.ede.nl/gemeente/bestuur-en-politiek/kindercollege/> en <https://www.prodemos.nl/voor-scholen/voor-basisscholen/>

⁴ **Ofskiedskado** - Yn gemeente Dongeradiel (hat ek as foarbyld foar dit útstel tsjinne) krijt de skiedende berneboargemaster in helikopterfleantocht oer de gemeente oanbean.

Taheakke

: neat

Beslút

Agindapunt : Berneboargemaster

De ried fan de gemeente Waadhoeke;

lêzen it útstel fan de FNP.

beslút:

1. Mei yngong fan it skoaljier 2018-2019 in berneboargemaster oan te stellen neffens de omskriuwing sa as dy yn it útstel jûn wurdt.
2. Dêrnei yn maaie 2019 it projekt te evaluearjen en te besluten of der jierliks in nije berneboargemaster keazen wurde kin.
3. In budzjet fan € 5000,00 beskikber te stellen út 'eenmalig onvoorzien', om de kosten fan dit edukative projekt te dekken.
4. It kolleezje te freegjen de útfiering foar har rekken te nimmen en it útstel fierder út te wurkjen.

Franeker, 31 maaie 2018

De ried foarneamd,

, foarsitter

, griffier